



DINGtiid
o.f. de hear J. Koster
Westersingel 4
8913 CK LJOUWERT

Ljouwert, 30 juny 2026
Ferstjoerd,

7 JULI 2026

Ús merkteken : 02535073
Domein/ Team : Taal en Leefberens
Opsteld troch : [REDACTED]
Jo merkteken :
Taheakke(n) :


Ûnderwerp : Reaksje provinsje Fryslân op it DINGtiid-ûndersyk op it mêd fan it Frysk yn it middelber beropsûnderwiis

Achte hear Koster,

Wy tanke jo hertlik foar it advysrapport 'Oan it wurk mei it Frysk', dat in goed byld jout fan (de posysje fan) it Frysk binnen it middelber beropsûnderwiis yn de provinsje Fryslân.

As provinsje ûnderkenne wy it belang fan it Frysk op it mbû: lykas opnaam yn de Taalnota Fansels Frysk, wurdt de kommende beliedsperioade trochgien mei it ferbinen fan it Frysk mei de ferskate opliedings. Hoe't it Frysk it bêste oanbean wurde kin yn it kurrikulum is útwurke yn it realisaasjeplan mbû as ûnderdiel fan Taalplan Frysk 2030. Dat sil fierder útsocht wurde yn it nije praktoraat *Fryske taal en geletterdheid yn in meartalige kontekst*. Dêrby wurdt ek it ûnderlizzende ûndersyk meinommen. Oerkoepeljende doelstelling is dat mear studinten it kardiell Frysk folgje, en fansels dat sy de kâns krije har Fryske taalfeardigens út te wreidzjen.

Yn it advysrapport wurdt in tsiental oanbefellings dien; 1-2 binne benammen rjochte oan it Ryk, 3-8 binne saken dêr't de behelle ûnderwiisynstânsjes oan wurkje kinne, en 9-10 binne rjochte oan de provinsje.



Hjirûnder ús ynhâldlike reaksje op in tal fan de oanbefellings dy't dien binne yn it advys:

Oanbefelling 1, pagina 9. Undertekenje op de koartst mooglike termyn kêst 8.1.d ûnderdiel iii fan it Hânfêst om dêrmei de hjoeddeistige praktyk en ambysjes oangeande it Frysk yn it mbû te bestindigjen; sa hat ek de Committee of Experts advisearre yn syn periodike evaluaasje fan de Nederlânske ymplemintaasje fan de Hânfêstferplichtings.

Op dit stuit wurdt by it ministearje fan Ynlânske Saken in ynventarisaasje makke fan kêsten yn it Hânfêst, dy't mooglik troch it Ryk ûndertekene wurde kinne yn oanfolling op wat al ratifisearre is. Yn de earste helte fan dit jier sil de Twadde Keamer dêroer ynformearre wurde middels in Keamerbrief. As provinsje hâlde wy dat proses nau yn de gaten, en bliuwe yn petear mei it Ryk oer hoe't kêsten dy't al deistige praktyk binne, ratifisearre wurde kinne.

Oanbefelling 4, pagina 30. Befoarderje dat mbû-dosinten fakbetûft yn it Frysk wurde kinne en skep dêrta de goede rânebetingsten.

Foar mbû-dosinten is it al in tiid mooglik om by- en neiskoalling te folgjen. Fia de regeling Frysk foar no en letter kinne mbû-ynstellingen subsydzje oanfreegje om dosinten nei te skoallen, en dêr wurdt al in soad gebrûk fan makke. Yn it rapport stiet dat der mar romte is foar fiif persoanen, dat kloppet net. By it yntsjinjen fan in oanfraach binnen de regeling is der in maksimaal bedrach dat oanfrege wurde kin, dat bedrach komt út op in fergoeding fan de oplieding foar fiif persoanen. Mar dielname fan mear dosinten is, yn oerlis mei NHL Stenden, seker mooglik. In beheining yn oantallen lykas sketst wurdt, kloppet dus net (folslein).


Op dit stuit is de provinsje mei NHL Stenden dwaande om fan it skoaljier 2026-2027 ôf it folgjen fan by- en neiskoalling foar mbû-dosinten fergees te meitsjen. Dat sil regele wurde tusken provinsje en NHL Stenden. Mbû-ynstellingen hoege dan dus gjin subsydzje mear oan te freegjen. Dêrmei hoecht binnen de regeling Frysk foar no en letter dan ek gjin jild earmerke te wurden foar dizze sektor. Wol moatte mbû-ynstellings fansels mei NHL Stenden yn oerlis oer hoefolle mbû-dosinten it jier oanskowe kinne.

Oanbefelling 5, pagina 31. Haw der each foar dat de ferwurven kwalifikaasjes Frysk meitelle foar de eventuele trochstreaming nei it hbû.

Dit moat regele wurde tusken de mbû- en hbû-ynstellingen. Lykwols is ús net dúdlik om hokker opliedingen it dan gean soe, dêr't op dit stuit de oansluting mei it Frysk net foldwaande is.

Oanbefelling 9, pagina 35. Fasilitearje dat takomstich plysjemeiwurkers fan de Plysje-Akademy yn Drachten dy't har takomstich wurkfjild yn Fryslân hawwe, binnen har oplieding kieze kinne foar it folgjen fan in kursus Frysk.

Dit is al punt fan omtinken foar ús; yn de beliedsperioade 2021-2024 hawwe wy binnen Taalplan Frysk 2030 foar de mbû-sektor as ien fan de doelstellings formulearre, dat ek by de plysje-akademy mear omtinken komme moast foar it Frysk. Nei oanlieding dêrfan hat der wol kontakt west tusken de projektlider mbû en de plysje-akademy, en der hat in pilot west mei in taalpsychologyske workshop by de plysje. Dy workshop is posityf ûntfongen en der wurdt op dit stuit sjoen nei in ferfolch, mei keppeling nei de plysje-akademy.



Wy sjogge dit DINGtiid-rapport en de dêrút fuortkommende oanbefelling, as oanlieding om yn de gaten te hâlden hoe't de ymplemintaasje fan dy workshop binnen de plysje-akademy ferrint, en hoe't it Frysk dêr mear foarm jûn wurde kin.

Oanbefelling 10, pagina 35. Stimulearje it oparbeidzjen fan it praktoraat mei de hbû-lektoraten en wû-learstoel, rjochte op de trochgeande learline en op inoar oansluten fan ûndersyk.

Dit wurdt al dien, benammen op inisjatyf fan de lektor *Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis* oan de NHL Stenden Hegeskoalle yn Ljouwert.

Ta beslút: wy sjogge dat der in soad moaie saken barre binnen it mbû. Te tinken falt oan it gearwurkingsferbân Wy binne MBU, it ynstelde praktoraat, en de aktiviteiten fan YungFrysk binnen dizze sektor. As provinsje sette wy ús derfoar yn om dy positive enerzjy wêr mooglik te stypjen en te fasilitearjen, yn gearwurking mei it Ryk, en mei ús Taalplan Frysk 2030 partners.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

drs. ing. J.J. Algra, sekretaris